

Hein Jaap Hilarides

## **Ynhâld en ynspiraasje**

*Op 5 novimber 2011 waard yn Riis yn Hotel Gaasterlân in Skriuwersbounwykein hâlden. Seis skriuwers wiene útnoege om wat oer harren skriuwerij te sizzen mei as tema 'Ynhâld en ynspiraasje'. Trije – Greet Andringa, Hein Jaap Hilarides en Margryt Poortstra - hawwe wat se dêr sein ha sels op skrift steld. Fan wat de oare trije – Hidde Boersma, Koos Tiemersma en Akky van der Veer - nei foaren brocht ha (en de neipetearen) is troch Teake Oppewal fan Tresoar in ferslach opmakke. Alle seis stikken binne foar pleatsing op dizze ôflevering fan Ensafh beskikber steld. De lêzers fan Ensafh krije sa de gelegenheid om ek by de auteurs yn 'e keuken te sjen. Moai. Hjir de bydrage van Hein Jaap Hilarides. Klik foar de oare bydragen troch nei: Greet Andringa, Hidde Boersma, Margryt Poortstra, Koos Tiemersma en Akky van der Veer.*

## **Hoe gaan ik te werk?**

De fraag waar: Hoe gaan ik te werk? Ik wil die fraag opsplitse in twee fragen: Wat doen ik foordat ik begin te skriwen? en Wat doen ik at ik an 't skriwen bin? Wat de eerste fraag angaat, foor *Joppe* bin ik bij mysels te rade gaan wat de belangrykste onderwerpen in de jaren 1990 waren der't ik redelijkerwiis met út de foeten kon. Ik kwam op 't milieu en de komst fan asylzoekerscentra út. Fanteforen hew ik 'n skema maakt fan de belangrike gebeurtenissen en persoanen. Op welk punt in 't ferhaal treft die die of die en sait die dut of dat. Ik had 't plot helendal útdocht. Met Alpita de Jong, myn begelaidster in 't projekt de Fryske Modernen, hew ik dat wiidwaidig deurpraat. Tot myn ferrassing hew ik my eksakt an dat skema houwen. Doe't ik de roman ôf had is d'r maar één ding feranderd. Ik hew ik d'r 'n ontmoeting tussen Oebele Streekstra, de gemeente-ambtenaar, en Terpsi, de asylzoekster die't werom na hur aigen lând gaat, an toefoegd.

Bij *Joppe* mot ik opmerke dat 't boek oorspronklik bij de Q ferskine sou. Dêrom het Piter Boersma 't manuskript ok lezen. Hij het my 'n geweldige tip geven. Hij saai: sommige hoofdstikken kinst wel op 'n ander plak in 't boek delsette. Dat maakt niks út. En dat waar soa. 't Ferhaal worde d'r interessanter deur, want minder foorspelbaar.

De tweede fraag. Wat doen ik at ik in 't skriifproses sit? In wezen doen ik niet feul âns as de ferhaallyn, die't ik bedocht hew, form geve. Ik skriif fan A na B. Myn doelstelling is om bepaalde details soa 'echt' mooglik weze te laten. Ik sil 'n foorbeeldsy geve út *Joppe*.

'Om kertier oer seizen stapte er op it iis. It wie in perfekte moarn om te riden. It frear in pear graden. Yn it easten ljochte in sinneskyndeij op. Hy slingere om de Prinsetún hinne en glied oer de Ie de stêd út. Beskoeiing, kaden, tunen, huzen en flats waarden reidkragen, wâlen, gerslân, pleatsen en tsjerketuorren. No en dan ergens in fêstferzen boat.'

Dusse roete over de Ee kon ik út 't hoofd optekene. De autobiografise sêne wort in dut gefal folgd deur 'n folstrekt bedochte sêne, namelijk de ontmoeting tussen Terpsi en Oebele Streekstra foor 't gemeentehuus. Sokke kontrasten befaller my wel.

Soms loop ik de plakken na. *Skoaljonge* begint met de fytstocht fan 'n groep skoalkines fan St.-Jabik na Harlingen. Omtrint vijfentwintig jaar later bin ik deselde roete bijdel weest. 'n Fragmint út 't boek derfan gaat soa. (De groep is Tsjummarum foorbij.)

'It fytspaad by de slingerdyk neist de Fiskersfeart gie troch Kleaster-Lidlum, in

buorskip fan in pear pleatsen en in opslachplak fan de gemeente Barradiel foar struisâlt en oare saken fan Gemeentewurken. Yn 'e midsieuwen hie hjir in kleaster stien. No ried der út en troch in jiskewein of in struiauto fan de gemeente it terrein op of ôf.'

Dêr is wainig fiksjoneels an dusse fytstocht. De plot fan 't ferhaal is lykwels allegaar fantasy. Tot soafeer 'n paar foorbeelds fan hoe't ik te werk gaan.

### ***Neipetear (gearstald troch Teake Oppewal)***

#### **Wêrom skriuwe?**

Hein Jaap stelt dat it foar him net sa maklik is om de fraach 'Wêrom skriuw ik eins?' te beantwurdzjen. It is by him yn alle gefallen gjin halssaak. Oan de oare kant, op it stuit skriuwte er net, en hy mist it wol. Skriuwe is in manier om kreatyf dwaande te wêzen. Wat meitsje dat der net is. Hy hat net fan jongsôf proaza skreaun, wol gedichten en lietteksten. Hy waard op de middelbere skoalle troch syn learaar Nederlânsk frustrearre yn syn leafde foar it skriuwen. Foar him is skriuwe in rjochtsetten fan mislearnings.

#### **Ynspiraasje en ynhâld**

De basis is it eigen libben. Sa nijsgjirrich is dat libben net, oars. Mar dat libben wol er yn syn eigen tiid sette. By *Joppe* is it ynhâldlik útgongspunt: in ferhaal oer in azc op fersmoarge grûn. Dat hat yn de realiteit yn Sint Anne spile, mei artikels yn De Biltse Post. *Joppe* is ûntstien út in mislearning. 'Ik ha in jier 'sitten', ferfangende tsjinst dien op in kantoar, ik ferfeelde my te pletter.' En dan ek noch de foarôfgeande oardel jier fan wachtsjen. De 'Wet milieubeheer' kaam doe krekt los. It azc-ferhaal yn *Joppe* hie mear útdjippe wurde kinnen. In grut azc-stik dat ik al skreaun hie is derút goaid, dat wie over the top, it paste der net yn. Soms moatte je it beslút nimme: dit is klear sa. Mar it hie wol oars kinnen...

Ik helje myn ynspiraasje ek út de literatuer. By *Skoaljonge* is dat Vestdijk. Ik ha Anton Wachter dl 1 o/m 4 der foar lêzen. Vestdijk beskriuwt in klasse sa echt! It is hûndert jier lyn, mar it is sa werkenber! By my is it: opskriuwe wat der no gebeurt, op skoalle – gewoan registrearje, en dat brûke. Ik ha de taal fan learlingen fan no brûkt foar wat de learlingen yn *Skoaljonge* sizze, dat spilet foar in part tritich jier lyn. *Skoaljonge* giet oer it feroarjen fan de tiid, of better, dat dy net feroaret. Dat ûnderfynt de dosint dy't op syn eigen âlde skoalle komt te wurkjen.

Muzyk is foar my ek in ynspiraasjeboarne. It ropt in tiidsbyld op. Mar ek op hiel oare wize: Ik fiede my as begjinnend skriuwer ûnwis, en de struktuer fan muzykstikken joech my hâldfêst. Soms is in ferhaal modellearre nei de struktuer fan in sonate. Yn *Joppe* barre de dingen yn gronologyske oarder. Yn *Skoaljonge* springt de tiid wat, mar ik eksperimintearje net mei de foarm. Myn boeken binne de skiednissen fan persoanen, yn in frame set. Ik soe leaver noch mear út it personaazje wei skriuwe. It perspektyf is tige belangryk. En elke sin moat yn tsjinst stean fan it ferhaal. Je moatte konsekwint wêze, it ferhaal moat foarút! It haadpersonaazje moat it ferhaal foarútlûke.

Margryt: As ik in ferhaal opbou, haw ik soms hâldfêst oan de rûte dy't personaazjes folgje. HJH: By my krekt sa, bygelyks by de fytstocht oan it begjin fan *Skoaljonge*.

#### **Taletizeboel**

Willem Verf: Hoe sit dat mei dyn twataligens Biltsk/Frysk? Hein Jaap: ús heit is Biltsk, mem is Frysk. Ik bin grutwurden yn Sint Jabik, de omgongstaal dêr wie altyd Biltsk. Dy meartaligens bliuwt foar my in grutte wrakseling. Ik skriuw ek yn it Biltsk en yn it Nederlânsk. Myn djipste jeugd soe allinne mar yn it Biltsk

skreaun wurde kinne.

Der is wol in ferskil yn gefoelswearde tusken Biltsk en Frysk: it earste fielt rûger. Willem Verf: Twinge de omstannichheden dy om yn it Frysk te skriuwen? HJH: Nee, it plak! Ik skriuw yn it foarste plak foar mysels. Ik skep yn it Frysk in nije wrâld. De sfear fan It Bilt ken wol yn it Frysk, mei it Nederlânsk soe dat lestiger wurde. Mar de talediskusje fyn ik net sa'n belangryk item.

### **Twivel en meilêzers**

Hidde: Ik hear by dy in soad twivel, ek oer dyn wurk. Bisto perfeksjonistysk?

HJH: It is no noch te betiid foar in definityf oardiel. Ik fyn de reaksjes fan lêzers, ek de resinsjes, wol fan belang. Dy kinne je fierder helpe. Ik bin altyd oan it reflektearjen. Dat is in soarte fan twivel dy't makket dat ik dingen ferbetterje wol. As ik midden yn it skriuwproses sit, wol ik winne, krekt as by sport, dan bin ik fûl.

By it foartrajekt en nei ôfrin wol ik wol meilêzers ha, dat is tige weardefol. Van der Ploeg: Datst meilêzers ha wolst, komt dat ek fan dyn twivel? HJH: ik ha in sûne twivel. Ik bin eigenwiis genôch om my net út te leverjen oan myn meilêzers.

Ploeg: Dan bist gjin echte twivelder! HJH: Meilêzers – dan ha je minsken dy't de eigen swakheden kimpinsearje. Margryt: Hast wat oan krityk dy't der nei dyn gefoel neist sit? HJH: Ja, it helpt my yn myn refleksje.

Hidde: Ik soe yn 'e tiis reitsje fan meilêzers! HJH: Ik ha twa, trije. As it boek klear is, dan komt it kommentaar. By *Joppe* en ek by *Skoaljonge* is wol 40% fan de tekst skrast. In tefolle yn boeken steur ik my oan. Dus by my wurde it tinne boeken. As it gehiel dan net mear in roman hjitte mei, dan moat dat mar.